



Soldate-brieven, skreaun út Hartoggenbosk yn 1877 en 1878, oan in goê frjeun yn Fryslân

<https://hdl.handle.net/1874/233692>

SOLDATE-BRIEVEN,

Skreaun út Hartoggenbosk

yn 1877 en 1878,

Oan in Goê Frjeun yn Fryslân.

TROCH

A U K E. [*Boonwemmer?*]

Oarde Utjefte.

HOLWERD,
WALING DYKSTRA,
1879.

SOLDATE-BRIEVEN,

Skreaun út Hartoggenbosk

yn 1877 en 1878,

Oan in Goê Frjeun yn Fryslân,

TROCH

A U K E.

Oarde Utjefte.



HOLWERD,
WALING DYKSTRA,
1879.



In wirdsje foarôf.

De soldatebrieven' dy 't wy hjir de lêzers oanbiede hawwe twisken de maitiid fen 1877 en 1878 yn 't *Friesch Volksblad* stien. Hwerom wy se den nou yet ris yn 't ljocht jouwe? Wis net, om 't wy safolle mei de soldaterij ophawwe. De kinst fen minskeslachtsjen telt ús net ûnder hjar forearders. Mar wy leauwe ek net, dat immen dy 't dizze soldatebrieven lêst, folle mei de militaire saken opkrije scil. Hja jouwe in dúdlik byld fen 't soldatelibben, hja binne wier. Inkelden scoene sommige útdrukkingen dy 't er yn foarkomme, wol biskave hawwe wolle, mar dêrmei seoe 't wiere weifalle, en just de wierheid is learsum. Nou springt it yn 't each, hwet forbetteringen der nedich en moochlik binne. As wy yette in leger hawwe matte, den is 't wis net om oan to fallen, mar allinne om ús festinglinjen to fordedigjen. Fordedigers fen 't heitelân hoeve gjin hounen to wêzen. Is in saek edel, den hoeve hja dy 't dêrfor stride matte, net ta bisten oplaedt to warden. En min makket ommers fen minsken bisten, as min hjar as bisten bihanlet.

Wy witte wol, dat er in bulte as nûmmerruilder of remplaçant yn tsjinst geane, dy 't net doge, dy 't oan de jeneverpest lije; mar sokken moasten as siik fé ofsûndere wirde, der moast for soarge wirde, dat dy siken de hele keppel net oanstekke koene. Yette better wier 't gjin nûmmerruilders

en remplaçanten ta to litten, mar elk for syn eigen nûmmur opkomme to litten. Den wier der ek nedich hwet better tasicht op 'e sedelike wearde fen de haden. By de soldateboel is 't ek al wier: hwa 't de treppen skjin meitsje wol mat fen boppen óf bigjinne. Al dy kinsten op 'e strjitte, dat oanslaen ensfh., ek dat skilderjen foar haed-officieren koene wy misse. Mar ófskaft seil 't yette wol net wirde. Hawwe wy okkerdeis net yn de kranten lezen, dat in skildwacht en in officier fen de wacht, in wike straf krigen, om 't hja net rûke koenen, dat er in wein oankaem, dér 't de kening yn siet, sadat hja de hele wacht net yn 't gewear hienen? Binne der yn den Haech ek gjin soldaten straft, om 't hja, dó 't smoarch wier, de boksen opstrápt hienen? For sok pleagjen en neiriden moasten de soannen fen 't folk net bleat lizze, as se opproffen wirde om 't lân to tsjinjen.

Mar, hwet is dér oan to dwaen?

Dit, lezers! It folk mat ljue for de twade keamer kieze, dy 't gjin cint foar de soldaterij tasteane, sálang dy net forbettere is. Min mat der gjin militaire specialiteiten kieze, fol fen militaire bigripen, mar mei in hert en mei algemien minskelike bigripen. Myn foarwird is al hwet lang warden. Ik hoopje, dat de Soldatebrieven jimme by 't lezen hwet nocht jaen scille.

Tsjum, Maert 1879.

O. STELLINGWERF.

FOARSTE BRIEF.

Achte Frjeun!

„Dat gaat naar den Bosch toe,“ sa seit it sangkje. Ik hie it wol ris as jonge meigûnze, mar nea hie ik tocht, dat ik it yet ris sjonge koe sûnder to ligen.

Ja, 't gyng nei den Bosch, dêr moast ik hinne, do 't ik yn deeld wier ûnder de fordedigers fen 't heitelân.

Dat wier my in reis! Hwent waerd it ús ûnderweis dúdlik dat wy yn in hegere stân kommen wierne; hwet waerd er in noed for ús stien! Min paste op ús krekt as op 't fé, dat mei de treinen forfierd wirdt. Hwet hiene wy ûnderweis in toarst! Mar al gûlden wy 'tek út, 't holp ús allike folle as de kij.

To Utert bleauwen wy in nacht en dêr koene wy ús hwet opknajje. It liket my ta dat Utert wol in moaije stêd is, en fen dat oangeande hie 'k er wol lizze wollen. — In soldaet leit altiid. Mar ik wier al sa wiis, dat ik neat for 't wollen hie; ik moast folgje, hwêr 't min my ek hinne laette. Dat ik net yn 't fjûr hoefde wist ik:

op fjuchtsjen kaem 't net oan. Elk dy 't under tsjinst giet wit, dat er oars nearne mei to kampjen het as mei wânluzen.

Ik bin den nou yn den Bosch. Ho 't my taliket? De stêd is net sa folle sûnders, en 't libben yn de kaserne foldocht my sa matich. Min is der anstouns net ta wend. Ik kin nou al de kommando's en de sinjalen, mar alle flok en skeldwirden, né, dy kin 'k yette net.

't Jild wol hjir wol foart. Ik siz 't jo, dat de nije oankommelingen hwet kwyt wirde kinne. Der binne gûds dy 't dêrfor op 'e loer lizze. De officieren lykje my net sa slim ta. Mar wy hawwe hjir ek remplaçanten. Ien is al for skelm foartjage. Hy hie al gâns jild op, lyk as ta tinken is. Do 't hja him útband hiene stie syn heit mei in pak klean klear, dy teach er oan, en in bytsje letter gyng er ús foarby en gniisde ús út. Hy wier wer frij man en stellich wier er oertsjûge, dat er ús nou wer foarút wier. En hwet scil ik der fen sizze? Ho gyng 't my sels?

't Wier mottich waer; it eksersearen,
Dat koe mei skik net op it plein,
Hwent officieren, -- sokke hearen
Dy binn' net felle hjit op rein.

Nou moasten we op 'e keamer komme,
Ik tocht, dat 's saek! Mar ljeave sei!
Dêr klonk 't net minder: »Godverdomme''!
Hwent dat is d'oarder fen de dei.

In spegel hong dêr oan de murre;
 Dat is al 't húsrie hwet min het.
 Hwent in kaserne en in skurre
 Skele op in del safolle net.

Wy eksersearren nou, sa 't hjitte.
 Do 't each my op de spegel foel,
 Do koe 'k it gnizen hast net litte:
 My tocht it wier in gekkeboel.

In gekkeboel. En dochs 't scil sa wol matte
 en 't scil wol nedich bliuwe, dat er soldaten binne
 salang de minsken net wizer en better wirde.

T W A D E B R I E F.

Witnis, dy 't min opdocht oan in oar mai to dielen,
 jout altyd nocht; dêrom, tochte my, moast ik mar
 wir ris skrjuwe, hwent dat doar ik sizze: min leart
 yette al hwet as soldaet. Net allinne dat min goed
 ûnderrjuchte wirdt yn de praktyk fen fjuchtsjen en
 moardsjen, al boartet min ek mar sabeare, — yn
 de theorie krije wy ek les. Dy theorie is in ding
 fen bilang. Hwet wy yn sa'n „theoretisce les”
 leara? Harkje efkes. Oan in soldaet, dy 't krûd
 net útfoun hie, frege in sersjant: „Wat zijn de
 onderdeele van de loop van 't geweer?” De stak-
 kert wit it net. Nou wit gjin ien it as 't him
 earst net foarsein is, mar dar wier al ris bard. De
 sersjans waerd hwet haestich en frege sa fatsoenlik
 as 't under tsjinst brúkme is: „Wat heb je in je
 verdommenis?” Dat wist er ek net, mar hy hearde

hwet lústerjen. „Een ziel,” rôp er do. „Ja, als 't waar is,” sei de sersjant, „maar in elk geval, het binnenste van den loop noemt men de ziel.”

De theorie hânlet oer rangen, graden, earbiwizen, plichten, oer 't gewear, en den yette oer 't alderfoar-naemste foar ús, oer de menaezje.

Fen 't lêste in staeltje.

Vraag. Hoeveel legt een soldaat in de menage, zou je denke?

As 't ús sein is, kinne wy al ridlik riede.

Antw. Ieder soldaat legt dagelijks 34 cents in de menage.

V. Goed, en wat krijgt hij daar zoo al voor?

A. Daar krijgt hij, daar krijgt hij voor... zijn soep, zijn vleesch, zijn rats en snert.

V. Hoe noem je dat?

A. Rats en snert, korporaal.

Dêrop komt den: „Die oude soldatentaal moge jelui niet leere, hoor! Neen, zijn middagete, hetwelk bestaat uit vaste spijs, zooals aardappele met groente, bruine bone, erwtesoep. Is dat alles uit de menage?”

A. Neen korporaal (of sersjant). Slappe was, zoowat voor een cent, traan om de schoene te smeere, dan zeep voor ongeveer 2 cente in de maand en dan het wassche van 5 stuks wekelijks van het goed, en dan wordt het traktement er uit betaald.

V. Goed; maar hoeveel is dat? Kan jelui dan wel traktement krijge!

A. Neen sersjant, dat wordt berekend, b. v. dat noemt men de deeling.

V. Wat?

A. Ja sersjant, dan is de deeling wel eens 24 à 25 cents en dan wordt het andere er bijgedaan door het rijk.

T. Goed; maar zijn er ook voordeele aan de menage verbonde?

A. Ja sersjant, het verkoope van beendere en het vaatwater en de aardappelschille, en dan het provoostgeld.

V. Provoostgeld: wat is dat?

A. Ja, dat is dit sersjant, als er iemand provoost heeft voor 4 of 5 of 8 of 10 dage, dan wordt de helft van zijn traktement op 't zakboekje gezet en het andere vervalt aan de menage.

V. Goed; maar wat meer?

A. Indien er iemand twee of drie dage, zooals met Pinkster, met verlof gaat, dan wordt er niet voor dien persoon ingekocht, terwijl zijn 34 cents doorgaan. Deze valle dan ook voor een deel aan de menage.

V. Dit geeft niet zooveel, maar toch kunne jelui er twee of drie cente meer traktement door krijge. Maar kan jelui's traktement ook ingekort worde?

A. Ja sersjant, door maximum- en minimumkorting.

V. Wat is dat?

A. Maximumkorting dat wil zegge, wanneer men vuil en liederlijk is en de kleere spoedig naar zijn grootje zijn, en wanneer men altijd dronken is; dan wordt de helft van 't traktement op 't zakboekje gezet en de andere helft krijgt die persoon in han-

de, mits bij dronkenschap moet hij elke dag 5 cents bij den sergeant-majoor gaan hale; daarvan kan hij zich niet bedrinke.

V. Goed! En minimumkorting?

A. Dat is dit: wanneer er iets aan het geweer beschadigd wordt of in een geringe mate aan de kleere, dan wordt er een derde van het traktement ingehoude, dus van de 50 cents krijgt men dan 33 cents.

V. En hoe worde de kleere nu betaald?

A. Ieder soldaat krijgt elke dag elf centen op zijn zakboekje, terwijl hij van het rijk eerst 20 gulde krijgt. Wanneer men nu zuinig bij de kleeren is geweest en in plaats van schuld een weinig te goed heeft, dan wordt dit uitbetaald, wanneer men zijn paspoort krijgt.

Hwet sizze jimme dêrfen? Is sokke theorie net moai. Hiene jimme wol tocht, dat er sa folle ûnder de soldaterij to learen wier? Ik bigjin rjucht aerdichheid oan 't spil to krijen, ik haw altiïd foarût wollen yn de wrald en ik bigryp, dat it yn de kaserne wol lokke scil om knap to wirden. Fatsoenlik? pas op! dat binne wy. Fen 'e moarn het de ljutenant yette tsjin ús sein, dat wy net lyk as de „burgers” (?) by de kreammen en diskes stean mochten to „zuur” iten, en dat wy ek net oer in lening fen in brêge hingje mochten en yn 't wetter flybkje. As dat fen ús sjoen waerd krigen wy polisiekeamer. Ja, hjir wirdt ús in opfieding jown sa 't heart.

De policiekeamer dêr komt min makliker yn as yn de pronkkeamer fen in boerinne. Min is gau yn de „doas.” Yn 't earste artikel fen de krychs-

wet stjit wol dat S. M. de kening ha wol, „dat de bestraffing zacht en vaderlijk zij” Fjirder wol S. M. „dat de overheden de manschappen met een goed voorbeeld voorgaan”, doch de sersjanten for-tolkje dat sa: „Wy moete die knulle dondere.” Ja, ik lear de kasernetael hjir ek al. Ik kin al fen dy moaije flok- en skeldwirden. 't Earste en moaiste is fen sels: Godverd . . . dat is bekend. Den forwyt men ús, dat wy út in boerenégerij komme: min neamt ús grasneger, en de nammen: zwijn, uilskuiken, stommerik, suffert, ezel, ossekop, slingeraap heart min om in hoartje. Ek haw ik al ris heard, dat tsjin ien sein waerd: „Ze hebbe je stellig uit de hel gejaagd, want je bent 'en duivel op aarde!” Nou wol ik net leauwe, dat min in púk minnen út de hel jage, om 't er dêr to min wier, mar wy hawwe hjir al in sersjant, dy 'k wol woe, dat se dêr hellen, ik leau dêr wier er thús. Hjir is er him sels en in oar ta'n lést.

Wy wierne foar in deimannich ek oan 't „tirailleeren.” Hwet dat is? Biside-boartsje; né, net hielendal wier. As de bern biside-boartsje den krúpe hja hjir of dêr efter, mar wy moasten ús forbyld-sje dat wy biside krúpten. 't Is dos sabeare biside-boartsjen. Hwa scoe dêrby 't laeitsen litte? Mar laeitse meije wy net. De tsjinst is klearebare earnst en 't wirdt ús goed ynstampt ho pal wy stean matte foar de fijand, Dêr is 't Godtank yette net oan ta. Dochs hawwe wy fen 'e wike slach levere. Tsjin hwa? Wel tsjin de wanluzen. Wy hawwe de toutsjes fen de kribben ris neisjoen, en tink er om oft wy dapper wieren. Wy hawwe de fijanden trape

mei ús greate soldateskoen, dat it hwet die. Wy joegen gjin pardon. Nou, ien fen uzen is woune troch de wanluzen. Hja hiene him ûnhjirmlik biten en do het er sels der hwet ta holpen om gatten yn de foet te krijen. — 't Jokjen is wol noflik. — En nou leit er yn 't hospitael. Wy hawwe wraek nomd, dêr kin er him oan treaste.

Ik seil de pinne for dizze kear mar dellizze, jimme scille wol mear bilang stelle yn de Russisk-Tnrksee striid as yn ús wanlúze-oarloch.

T R E D D E B R I E F.

Exelsior! haw ik wol ris sizzen heard, ik leau by de rederikerij. It kaem den sa to pas by 't toastlaen, it wirk, sa 't my altyd talike, fen toarstige ljue. Hja woene my do wysmeitsje dat it bitsjutte sa folle as: „al heger op.” Nou al heger op, al foarút geane wy hjir ek. De saunde Juli hjitte it, dat wy mei syn stikmannigen ôfeksersearre wieren. „We konden in den dienst opgenomen worden,” sei de kaptein-adjutant. Sa hawwe wy nou leard ho 't min op in bihindige menear immen nei de oare wrâld helpe kin. Do 't de keninginne yette libbe, wierne de soldaten trochgeans op hjar forjierdei klear, en den waerden hja op de parade yet ris opmuntere; mar dat hoefde nou net.

Ik mat yette wol efkes 't ien en oar fen de ûnderofficieren sizze — it ûngedierte, sa 't hja wol ris neamd wirde. Hja falle my just net ôf. Der binne gûds ûnder dy 't in goed hert hawwe en 't mei tsjinsin oansjugge as hjar kameraten ús ûnmiskelik bihannelje. Mar de goeden binne, as ik

't net mis haw, allegearre fen 't soarte, dat tinkt: „as myn tiid om is gean ik de keet út”, hwet hjir net bitsjut, dat hja den dea geane. De measten hawwe hjir, sa 't hja sizze: „de pest gezien aan den dienst.” Hja bljuwe om 't hja matte, om 't hja ienkear yn 't skipke sitte. Foar in deimanich gyng er in korporael-frijwilliger by my sitten, dy 't my sei, dat er wol graech woe, dat er mar ûnder de groun siet. Dat is nou wol net sa frjemd, sokke binne der ek wol yn de boargermaetskippij, mar 'k leau dat ûnder tsjinst rjue sokke binne, net âld fen dagen, mar dochs 't libben sêd.

Fen ús ljutenant-adjutant haw ik nea fornomd, dat er him dea winske; wol scoene forskate fen ús him in hantsje helpe wolle om yn de oare wrâld to kommen. Dy kin om in wysjewasje ús strafpeloton jaen. Al bart it mar dat ien ris de holle efkes fordraeit of in michje fen 't oansicht slacht, den is 't al sa. As hy er den de rjuchte aerdichheit oan het, lit er ús in heal ûre mei gewear en pakte ransel 't plein yn 't roundrave. 't Is to bigripen ho tankber wy den binne.

Wy tiraillearje nou net mear op 't plein, mar op de heide, in trije ketier bûten de stêd. Geane wy dêr den hinne, den matte wy — ja ik scil mar sizze tierelierje, ûnderweis; hwent den wirde ús de sinjalen foarblaesd, dy 't wy den neisjonge matte. Op de weromreis binne wy dêr frij fen; wol sjonge wy den ek, mar den is 't:

Ik zou zoo graag een meisje willen wezen,

Ik zou zoo graag een meisje willen zijn;

Dan was ik vrij van dat soldatenleven,

Dan was ik vrij van al die zwijnderij.

of wat oars, dat biljeaven net moaijer is. „Wat lieflijk is en welluidt” misstiet ommers yn in soldaet.

Yn 't flokken is twiskenbeiden ris hwet foaring. For „Godv.” heart min hjir nou al gau ris: „God vervloekje,” dat for sa fier de sin forbettert, dat me net mear yn sels, mar in oar it kweade tawinsket. Ginne dy flokkershelten hjir de tiid, den is 't „God zal je eeuwig gloeiend maken”, of „Spaansch, Koloniaals, helsch vervloekt” ensafoart.

Wy krije in goede opfieding; wy meije net yn 't wetter flybkje; mar oars hwet útspeye, óch, dat komt er net op oan. As wy dogge as de boargers, den komt it forkeard, mar as wy ús haden ta'n foarbielld nimme, den is 't spil grif yn oarder!

Lêsten binne wy ek yn-inte, mar nimmen het er leedsje fen hawn, om 't wy allegearre mei hwet tobaksflibe de pokstôf weimakken. Wy kinne hjir sokke aksjes net hawwe.

Wy matte ek swimmen leare, 't hiele batailjon tagelyk. Dat is in biweging! De iene wol net, de oare doar net, mar der is gjin help for. Dy 't net to wetter gjit wirdt er yn smitten. Militaire marschen lit min ús tsjinwirdich ek nou en den meitsje. Seis, saun ûren rinne, sjuch, dat is alles net, mar 't kin yette, en mear is er yet net fen ós foardere. Wy hawwe den, sa 't hjit, frije biweging; dat wol sizze, 't komt er net krekt op oan ho 't gewear op 't skouder hinget en wy hoeve net krekt yn de pas to marsjearjen. Mar yn 't gelid matte wy bliuwe, en de rânsel is fol-lôege as wy nei bûten geane.

Ik bin nou, sa 't ik sei, ôfeksersearre, mar ik bin dochs net heelendal trochleard. Ik scil yette skerp-skutter wirde en ik bin ek adspirant-korporael. As 't nou gyng sa 't hearde, den wier 'k frij fen korvé, mar jawol! Foar in deimanich hie 'k al wer korvé by de ûnderofficieren; waskwetter en drinkwetter helje, de keamer oanfeije, hwêrby 't bedmeitsjen ek yette komt. Dêr is 't den mei dien, mien je? Mis man, der is folle mear to rêdden; kotjehelje, in doaske lucifers, in sigaer fen twa cinten, in heal poun kêrsen, in trijcintesk broadtsje en sa hâlde ha yen de hele dei oan de rin.

't Gyng my ek sa. Nou hie min my warskoud, dat ik net mear bêdden opmeitse moest as fen de sersjanten fen ús kompanji. 't Waerd joun. Ik kaem oan 't bêdmeitsen ta, mar moast earst in heal úre wachtsje om 't hja der mei de lujje hûd op laeijen. Einlings makke ik de fjouwer bêdden en frege of er yet ek hwet to rêdden wier. Do moast ik earst skûtelwaskje, dên de kêrsesstienen opfandelje, en den waskwetter helje. Do sei ik, dat alles yn oarder wier. Hwet andere my do de sersjant? Hy sei, dat ik mis wier, 't bêd fen de sersjant S. wier yet ûngedien. Ik frege of dy ek fen ús kompanji wier. Mar o sei! hwet kaem er do in loft op. „Wel godv. . . . 't is mij wat moois! Je bent pas afgeëxerceerd en nu begin je al: is dat van onze compagnie? Valt het je lastig, dan moet je maar reclameere.”

Ik andere: „Dat juist niet sersjant, maar het valt mij tege, dat wij corvé hebbe, omdat het

niet mag, en de aspiranten van de 4e en 5e er ook vrij van zijn."

't Tongere en waerljochte nou wer ougryslik.

„Donder dan maar op, godverd . . . doch als sersjant K. hier was, wed ik, dat je alle bedde most opmake."

„Ja sersjant, dat kan waar zijn, maar ik geloof het niet."

„'t Is wat moois, 't begint nu al. Je bent al een aardig modél, zou ik zegge."

„Of ik een model ben, sersjant, weet ik niet, maar nu het zoo te praat kwam, wou ik mijn meening er over zegge."

Letter is 't net minder wirden. Ik haw er gjin skea fen hawn. Of 't tsjinpraten nou goed wier, wit ik net, mar altyd swije kin 'k net.

't Iten is tsjinwirdich net sa slim. Inkeld ris grieme hja fen alles troch mankoar, dat se den in franse soep neame, mar dat is gjin minske-iten.

F J I R D E B R I E F.

„Alle foroaring is gjin forbettering," seit it sprekward, en dat ûnderfine wy ek, nou 't wy ús âlde kaserne forlitten hawwe. 't Is sa, wy forlitten net folle sûnders; in âld wanluzepakhûs, mar dochs, leau frij, dat wy allegearre it âld nêst wer opsochten as wy der mar frijichheid ta hiene. Wy libje nou yn tinten, lyk as fader Abraham en fader Jakob en al dy aertsfaders. Mar ik tink, dat

hjar tinten better wieren as uzes, oars woe 'k net ljeafst by hjar forkeard hawwe. Jimme scille mooglik wol witte wolle, ho 't ús tinten der útsjogge. Nou, hja lykje wol hwet op in draeimânle, hja binne ek roun en den sahwet fyfteheal meter yn 'e trochsneed. Der matte wy den mei ús sechstienen yn húsmanje. De helt wirdt sahwet ynnomd troch de sliepplakken. Sliiepplakken, ja elk fen ús het oardel skeaf strie ta syn nachtleger en trije tekkens. Tafels en banken hawwe wy yn de tinten net. Wy rôlje der den yn om lyk as de biggen yn 't bargehok, alline hawwe wy minder romte. Mei dy reinige dagen hawwe wy in bulte kjeld lit. Jonge, as min net droech lizze kin! Wy moasten ús nou hwet bihelpe, sei de ljutenant-kornel. Ik tocht oars net, dat er oefeningen yn 't bihelpen nedich wierne; as 't er op oankomt yn tiden fen oarloch is 't altiid earder nôch. Foar 't nedich is, woe 'k hawwe, hoefde min 't lichem net to slopen.

Wy binne hjir tsjinwirdich drok oan 't skiifscjitten. Der binne wy allegearre net tagelyk mei dwaende, ek gûds dy 't den twiskentyds gymnastisce oefeningen hâlde, ûnder oaren ek yn 't bajonetfuchtsjen. Dêrby hearde ik it folgjende petaer twisken in sersjant en in soldaet, dy 't net sa heel rom mei forstân bideeld wier.

Sersjant. „Je staat nu zóó, en nu laat je die hand opschieten tot den beugelkrop en dan stoot je hem in zijn verdommenis ter hoogte van de borst.”

De soldaet probearre it, ho 't er moast, mar

't gyng net goed, den staette er to heech, den wer to leech of hy foel er mei de hele hûd op.

Sersjant. „Je durft godverd. niet! Stoot hem maar in zijn tabernakel. Dan zit zoo'n kerel altijd min of meer vast aan de bajonet, maar weet je wat je dan doet? Dan sodemieter je hem op de grond en dan zet je hem de poot op zijn ribbekast en dan draai je dat bajonet een weinig om, dan is hij er daadlijk uit. Vat je dat?

„Ja sersjant,“ wier 't andert.

De sersjant baude him nei. „Ja sergeant, en je begrijpt er geen bl van. Neen, geen bl! Zie nu zoo'n Pilatus Jez. Chr. kruist hem! daar eens staan!”

Fierder haw ik dy stichtelike redenearring net heard. Tink nou net, dat ik wer oer ús haden kleije wol. Ik haw net op 'e bihanling tsjin. De kazernetael is ús nou wol bikend, dêr hearre wy net frjemd mear tsjin op. 't Is hjir sa fatsoenlik net lyk as by de boargers.

Ien ding mat 'k yet sizze. Ik mien opmirken to hawwen, dat sommige sersjants rjue jild liene fen de stakkerts ûnder de miliciens. Dizze krije hwet hja liene nea werom en doare dochs net kleije.

Ik haw dizze brief mei potlead skreaun, om 't ik hjir gjin inket haw en 't hjir ek net hawwe wol, om 't ik it dochs net bihâlde kin. Under tsjinst is 't lienen sûnder freegjen tige yn de moade. Dat is oefening yn 't kaepjen. Yn oarlochstiid binne der ek altiid kaperskippen, net?

For diss'kear wol ik de brief mar slute. Tonei ris wer.

F Y F T E B R I E F .

Nou ha wy den ris greate manoeuvres makke, sa 't it hjit; dat wol sizze, wy hawwe oan 't oarlochboartsjen wêst. Och, och, hwet gyng dat er troch! Mar ik mat bigjinne mei it bigjin. Ik kom wol in bytsje efteroan, mar better let as net. 't Wier snein de 19 Augustus do 't wy ús spillen neisjen litte moasten troch de batailjons-commandant. 't Kaem der foaral op oan, dat wy alles goed ynpakt hiene, wy moasten de folle lading ynhawwe. Ik siz 't jimme, dat bitsjut hwet. In infanterist is den wol in lêstdier. Folle sin hiene wy net oan dat gesjou en dêrom brochten wy yn stilte do 't tsjuster wier, en nei de wacht op 'e „rustkamer” in slok presentearre to hawwen, hwet wy tochten misse to kinnen, mar op 'e rêstkeamer. Dêr koe 't wol rêste. Wy hâlden lykwol genôch. De moandeitomoarns fjouwer ûre, wier 't reveilje; healwei seisen stapten wy op. In ein founen wy net gau. Troch in stik fjouwer fiif doarpen marsearden wy. Einlings wier 't halt en krigen wy ynkwartiering by de boer. Dat wier to Vechel. Dêr koene wy do hwet rêste, mar de oaremoarns healwei seisen, sa waerd er sein, moasten wy by peal 26 wêze. Hwêr 't dy wier? ja, dat joech in moeite om dy to finen. Gjin ien fen uzen en ek de boeren wisten 't net. Ik tocht, sa koe 't, as it ris tinken wier en wy tsjin in echte fyand oerstiene, wol ris gik útkomme. Moast min ús liedsljue net earst op de hichte brocht hawwe? Wy roanen en roanen en kamen saun ûre to plak, mar do wier 't oare folk

al lang foart. Al wer rinne; einlings foanen wy hjar. Us sersjanten forontskildigen ús en do wier der fen straffe gjin sprake mear. Hwa moast ek straft wirde? Wy hiene roan, dat wy blaeiden. Op de Udensche heide waerd halt halden. Der groeven wy kûlen yn de groun, om 't iten to siedden, der waerden wer tinten opslein, en do — nei 't iten? Rêste, miene jimme? De measten al, mar ús kompanij moast op 'e wacht. Wy moasten op de fyand passe. Dy nacht foel lang, 't reinde op 't lêst, dat it hwet die. Trochwiet wierne wy do 't wy ôflost wirde scoene. Hiene wy do mar rêste kinne. Mar jawol! dêr waerd de fyand sjoen. Och, hwet hawwe wy sketten. Hwet fleagen de koegels; né, 't wier sabeare, de losse patroanen. Wy hiene de politiemûtsen op en ús fyand de sjako. Tongersdei hawwe wy de greate slach slein, en — forlern. Dat wier fen sels foarút sa bisteld. Is't net in gikkeboel!

Rom soppen wy net yn 't fjild. Fen iten kaem net sa folle. As 't rjocht gien hie, hiene wy yette hwet ekstra jild bard, mar ik tink, dat ús haden it for ús biwarje. Ho lang? Dat wit ik net. Wol rekkenje ik, dat wy der net op fêstsje kinne. Yn 't kamp is 't net folle sûnders. 't Is eigentlik in bistelibben. Min komt hast om fen kjeld troch de wiette. De freedtomoarns wierne de greate manoeuvres ôfroun. Do moasten wy healwei fiven wer op marsch. En dat mei foetten, dy 't er net o sa bêst útseagen. Der wieren al forskate nei 't hospitael oerbrocht. Hwet foel ús dat rinnen swier! Ho fierder wy kamen, ho mear der oan de

wei lizzen bleauwen. Ik krige it yn 't ein ek krap enôch. Ik bigoan net in bytsje to noasblieden. Do 't wy troch den Bosch teagen seach gjin ien mear op. De noas hinge hast op de groun. Dat wy bliid wierne do wy oan de oare kant fen de stêd wer yn ús tinten wierne kinne jimme wol tinke.

Wol hiene wy in moai bitankje fen de ljutenant-kornel hawn, — in sersjant lies tominsten sa'n ding foar, hwêryn de ljutenant-kornel ús priisge om 't wy ús sa bêst hâlden hiene en hwêryn er sei, dat er mei „genoegen de aangename oefeningen” bywenne hie, mar ús „genoegen” hie net great wêst.

Ik haw nou ek ris by de Noard-Brabansce boeren yn de hûs sjoen. Dêr wier 't net folle aeps. In keamer mei in stiennen flier, mei in laech modder der oar. Dêr trappen hja op bleate foetten yn om. Fen pronkerij neat, bihalve tafel en stoellen seach ik dêr in swarte kleankast, in Marijeblydtsje, in stik mannich krúskes, en in âld rikkerich stik pompier, dêr op stie: „Mensch leeft vroom; eert uw vader en uwe moeder.” Dat wier wol ienfâldich, net? De minsken wierne goed for ús, en dat wier for ús fen 't measte bilang.

Earst wierne wy bliid, dat wy de kaserne forlitte koene, mar nou koe 't wol ris met ús wirde: Bliid út, blid thús.

S E C H S T E B R I E F.

De 27e Septimber is de lichting fen '76 hjir wei reisge. Wy hawwe sadwaende al twa lichtin-

gen útrukken sjoen, om nei hûs to gean. Nou binne wy den oan de bar. Wier 't sa fier mar! Dat wy yette tirailleare en „velddienst” meitsje hoef ik net to fortellen, Ho 't ús haden ús bihannelje, witte jimme ek al. Jister makken wy wer ynspekse for ús kaptein. Dat is in bêste kearel, hwent hy sjocht in bytsje. Ik ha langlêsten ris by in lju-tenant op de keamer wêst, dêr seach ik yette al niget, net om 't it er sa moai wier, né, krekt oars om, it wier der net eachliker as by mannich arbeider. Der binne, dat wit ik ek wol, ek oaren, dy 't it moajer op hjar keamer hawwe, mar meast is 't dochs in hokje op de einen fen de stêd. 't Ynkommen is net sa breed, en den leau ik, dat er by binne dy 't graech in hapke meije. Jister kaem er sa yette ien troch de gelederen slûpen, om by 't wyfke to kommen, dat broadtjes en ek jenever to keap hie. Hy sloech gau in romerfol twa trije nei binnen en saech om him hinne as in kat dy 't by de reamkûp sit. Hy woe net dat de majoar him bimirk. Under de lju-tenants binne forskate dy 't net in wiif hawwe, mar frouljue dy 't to hier binne, fynt min hjir genôch. Ja, in bistelibbeu is 't hjir. Yn 't hospitael leine forline wike fjouwer en tweintich fen 't gemienste soadtsje. Der wieren gûds by fen de lichting fen '74, dy 't fjouwer wike ûnder de wapens wêze moasten. Dy koene nou yette in moanne of fiif yn 't hospitael lizze. Dat hja 't dêr nou sa bêst hawwe, mat ik net sizze. To minsten dy 't er yn komt mei in iepene foet of sa, dy het it dêr net rom. Dy litte se der hast forhongerje en kleije se der

oer, sizze se dat se honger hawwe, den is 't: Godv zoolang je nog niet 'en plank van je krib opgevrete hebt, heb je ook geen hongerr." Den skelle dy officieren fen gesondheid sokke soldaten ek yette út for „luilakken, landopvreter's" en sa foart. It skellen is maklik, mar dy hearen scoene sels ek net ljeafst mei in iepene foet in úre mannich marseare wolle. Dat er gjin luiwammessen yn 't hospitael binne, scil ik net sizze. Foaral ûnder de eachsiiken binne er dy 't hjar sels de eagen bidoarn hawwe. Eachsiken krije yet al gan $\frac{3}{4}$ rantsoen, dat is net to folle, mar min kin 't iten yn 't hospitael sliepende fortarre. Ho 't sokke soldaten kjar eachsiik meitse? Hja plúsje hwet wol út de tekkens en wrjuwe dêrmei yn de eagen, to minsten sa hawwe hja 't my útlein. Yn 't hospitael is min oars moai optakele. Ofdraegene kapotjassen mei boargerknopen het min dêr oan, in soarte fen in deamútse krige min op en oan de foeten het min swarte sokken. 't Liket nuver. In pear by ús kompanij hawwe teikene foar seis jier. Wol útskift soarte. Hja bliuwe ûnder tsjinst om 't hja thús de holle net opstekke doare. Of nou it folkje, dat to gemien is, om yn de gewoane maetskippij forkeare to kinnen, de krychsmansstân ta eare forstrekje kin, wol der net by my yn. Mar wy matte net dwaen lyk as de boargers, wy matte ús fetsoenliker hâlde en drage, is ús leard. Ik begryp der neat mear fen.

SAUNDE BRIEF.

Mei Novimber is hjir de wintertsjinst bigoun en nou hawwe wy it frij hwet makliker krige. Wy kinne nou ont saun ûre ta ûnder de wol bliuwe. De greate manoeuvres binne ophâlden, allinne wirde er woansdeis yet militaire marschen makke, dôch net sa heel lang. Twa, trijeris yn de wike matte wy eksersearje for de ljuvenant-adjutant en dy is deselde „snuiter” bleaun. 't Spant soms om 't laeitsjen to litten. Hy het trochgeans in greate houn, sa'n Nijfoundlâner, by him. Snijt dy hwet al to fier foart, den fluitet de baes him werom, en den komt 't iene beest wer by 't oare, en twisken de bidruwen yn is 't: „'t Is me geen pas: één, twee, één, twee, links, rechts, — laat reis hoore die pas,” — en as der den ien is, dy 't de foeten net goed delset den heart min: „Schrijf me dien kerel reis op voor 'en toer.” Dit bitsjut, dat sa'n ien strafekersearje mat mei de efterliken. Straf is by him goedkeap to krijen.

Snjeun wirdt er folle ynspeksie hâlden, en den matte wy de neimideis „lijntje-exerceeren.” Dat gjit moai. Twa man hawwe den in lyntsje beet. Dy linen stelle manskippen foar. Dit hjit om it kader to oefenjen, om to sjen as dy witte hwet se kommandearje matte. Wy hawwe it nou makliker en de winter seil wol to'n ein komme, In hopen lizze in ûre of fjirtsien yn 't etmiel yn de krêbbe.

Yn de kantine kin min foar in cint in boek to lêzen krie, mar 't liket my net folle soarte ta, dat dêr is.

Okkersneins is der wer ien for skelm weijage en hwet my to mear moeide wier, dat it ek yet in Ljouwerter wier, dos in Fries. Hy wier as remplasant mei ús hjir komd. Ofter fortsjinne hie, om weijage to warden, doar ik net sizze. Hy wier in kear of trije om dronkenskap straft en om 't it in remplasant wier sa swier as 't mar koe. Do er for 't lêst út de cachot kaem wier er stiif fen rimmetyk en moast er nei 't hospitael, hwêr 't er út rekke do 't er sein waerd, dat er foartjage wirde scoe. Syn frjeunen krigen permisje om de kaserne roun to gean om jeften for him to freegjen ta reisjild. Hja brochten tsiendeheal goune byien. Der waerd in boargerpakje for koft en hwet er oerbleau krige er yn 'e bûse.

Ik scil net sizze, dat it net goed is, daf er strang op sùpers tasjoen wirt, mar hwa binne it dy 't er rapport fen meitsje?

Ho faek haw ik net, as ordonnans op de wacht it rapport nei de hoofdwacht brocht, hwêr op stie, dat alles presint wier, en dochs misten der forskate ûnderofficieren, dy letter stikum binnenlitten waerden. Hja wierne den trochgeans ek sa dronken as ûlen, mar dêr kraeide gjin hoanne nei. En as in oppasser in officier moarns net op syn bêd fynt, mar disse for beest yn 't ien of oar fornaem (?) losjemint to finen is, kin dat er den wol lâns? Mar ik forjit, dat er ûnderskied is twisken soldaten en officieren.

Sjea sa, safier bin 'k nou; nou scil ik yet hwet nijs fortelle. Ja man, wy geane wer to *skoalle*. Wy scille ek dûnsjen en skermjen leare, mar earst matte jimme witte, ho 't hjir yn 'e skoalle tagjit.

Jouns healwei seizen wirdt er in signael blesd, hwêrop de sersjant fen de wike de manskippen yn 't gelid komme lit. De earste kear wier eik allike roerich. Tweintich jier âld en den yet ris nei skoalle, dat like mâl. De skoalle wirdt hâlden op de heasouders; dat wol sizze ûnder de hoannebalken. Us skoalle is dus net sa pronkmoai as in hopen skoallen, dy 't yn de lêste tiid boud binne en ús masters, nou, dy binne ek net op in kweekskoalle klear makke. Earst moasten wy fen ús kennisse bliken jaen. Dy 't opjown hiene, dat hja lêze, skrjuwe en rekkenje koene, moasten in deelsom meitsje en ien for ien foar 't boerd komme. It delen wier de measten forgetten. Dy der yet hwet fen wisten bleauwen yn de heechste klas. Tsjin de oaren waerd sein: „Donder op; ga naar dien fourier in de tweede klas.”

Nou waerd er frege, hwa 't heelendal neat koene. Fjirtsien man joegen hjar oan. „Kun jelni, goddorie, allemaal niks.” „Né”, sei min laetsjende. „Lach godv. niet om je eige stomheid.” Hja waerden ôfsûndere en hjar master gyng mei hjar nei de letterkast. Inkelden koene yette in stikmannich letters. Ho moai 't dêr tagyng is to tinken. Oan flokken wier gjin gebrek.

Der binne fen sels ek gûds by, dy 't wol in lyts driipke lêze kinne. Dy hawwe nou fen dy lytsberneboekjes. De boekjes scille wol goed wêze, mar de bern binne hwet âld. De sersjant, de master hjir, docht neat as laeitsen as dy greate skoalbern lêze, dat Piter net snobbet, mar syn jild biwarret en der in moai boek for keapet. 't Kin ek wêze

dat de sersjant om Piter laket, hwent as hy Piter syn jild hie, scoe hy der wol jenever for keapje.

Yn de twade klas meitse se skriften fol mei haeltsjes en streekjes. Dat dogge se ek yn de heechste klas. Dêr lêze se ek „Vaderlandsche geschiedenis” en den matte se ek getallen útsprekke. „Want” seit master, „als je eens 100,000 uit de loterij krijgt, weet je er geen bl. van hoeveel je hebt.”

’t Lêzen gjit noch al earmhertich by de measten. Inkelden kinne hjar ek net goed útdrukke, den wirdt er frege: „Heb je geen hollandse tong in je bek?”

O, ’t gjit sa moai. Laeitse mat min as min wol of net. Mar stil bliuwt it ek noch al yn de skoalle; gjin ien het folle mei de politiekeamer op. Letter skrjuw ik wol maer oer hwet wij leare. Wy Friezen hokje al folle by mankoar. Den sjonge wy mei enoar frysce sankjes út de Noardske Balke en de Fryske Sang, Dy beide boekjes hawwe wij hjir. Binnen koart kom ik mei forlof in fjirtsien dagen thús. Dêrom ta sjens.

A C H T S T E B R I E F.

Nou haw ik den in fjirtsien dagen mei forlof yn Fryslân wêst. Dat it my goed dien het, leau dat mar. Doch it seil wol bêst wêze, dat ik bigjin hwêr ’t ik de lêste kear ophalden bin en it njs dat letter barde as ik skreaun haw en foar dat wy den Bosch forlieten, earst yette meidiel. Ik haw

my yn myn lêste brief efkes forsind. Ik skreau, dat er in stik of fjirtsien ûnder de greate skoallebern wierne, dy 't neat koene; mar jawol! der binne, haw ik letter mirken, mear as fjirtich. Tink ris oan.

In deimannich foar dat wy op reis scoene, moasten der gûds fen de skoallejongens in brief skrjuwe sa beare nei hûs. Ek waerd it hjar sahwet opjown hwet dêr yn stean moast. Min hie der in poaske mei to wirk wêst, do frege de sersjant oan ien — de ljuutenant-adjutant stie by him — „Heb je hem klaar?” „Ja sersjant” wier 't andert. Do naem de sersjant de brief en lies lyk enôch it folgjende.

„Ik heb de pen . . . enz. Ik laat u weten dat ik gezond ben, en wensch van u hetzelfde. Gij zult misschien al lang verwacht hebben, wanneer ik eens over ons verlof schreef en wanneer ik thuis kom. Ik kan u nu zeggen dat ik deze keer met verlof kom. Ik heb er veel zin aan. Ik ga dus voor 14 dagen de *smeerpan* uit. Zoo ge dus belang hebt, moet gij mij de noodige reiskosten sturen.

By dat „smeerpan uit” wier it: basta!

„Zoo, zoo!” sei de sersjant.

Mar de ljuutenant-adjutant sei: „Heb je zoo'n aardigheid aan schimpe, jonge? Och kom! is dat de dank, dat we je hier lezen en schrijve leere?”

Straffe koe min him net, mar 't briefskrjuwen wier oer.

Ik, as korporael, mat ek nei skoalle. Moandeis matte wy rapporten meitsje, tongersdeis rekkenje en snjeuns leare wy ierdryskinde. Dy

ierdrykskinde bipaelt him by ús lân en de oerséce bisittingen. Hjirby gjit it soms ek wol ris moai. Heel ierdrykskindich bin ik net. Der komme gau ris forkearde anderten en den set ús sersjant-majoar in gesicht, man, krekt as in katul, dy 't op in waerme stoof syn bilidenis docht, of in doarwarder dy t min op syn jierdei forsûpe wol.

Yet hwet foar 't ik ús reis forhelje. De woansdeis foar wy opstapten waerden er sa mar yn ienen minsken fen ús makke. Begryp ris! Do scoe der for ús in foarlêzing hâlden wirden en 't barde ek wol efektyf. 't Scoe hwet moais wirde hie min ús sein en nou kaem 't hele regemint ek opsetten. Ien út Haerlem houd de foardracht en my foldie 't skoan.

Op de nederlansce lieu stjit: moed, beleid, trouw-
Yn trije foarbylden út de faderlânsce skiednis waerden ús dy deugden toand.

In bulte soldaten hiene net mei 't spil op. De iene nei de oare raun de seal út. Dat hindere my ek wol, mar ik koe 't dochs yette net goed fine, hwet min nei dat foartrinnen sei.

Min sei, de seal wier nou suvere; it spiet hjar wol, mar min koe wer sjen, dat min in soldaet net goed bihannelje koe. Ik toehte sa, hoe is 't moochlik, dat min miene kin, dat immen sa mar daedlik bihagen fine kin yn saken, dy 't heelenal yn striid binne mei hwet er daegliks heart en sjucht?

Nou yette ien en oar fen de reis. Do 't wy de sneintojous yn Amsterdam oankamen op reis nei hûs, tochten wy net oars, as de Limster nachtboat

scoe farre. Mar jawol! dy foer net foar de moandeineimideis. Wy mochten lypje of pypje, wy moasten in nacht yn Amsterdam bliuwe. Wy wierne mei ús achten en metten in pear mariniers, dy 't ús in plak wiisden dêr wy losjeare koene Hja brochten ús yn 't Frysk Koffjehûs fen G. Blom. It like my net sa slim ta, howol ik earst net bitroude op 't sizzen fen de mariniers, hwent ik koe gûden yn den Bosch, dy 't wol ris hwet fortsjinnen oan sokke losjementhâlders, as se soldaten, dy 't jild thús krige hiene, yn hjar foarnaem (?) losjemint brochten. Folle jild wier der lykwol fen ús net to heljen. To minsten wier der ien by ús, in korporael, dy de oare moarns tsjin de frou sei, dat er efkes kujjerje scoe om letter ôfskied to nimmen, hwet er, leau ik, forgetten het. Syn bûse wier plat. Yn 't losjemint wierren in stik of acht dames, hwerûnder dy 't yn de herberge in keamerke hierden. De jouns kamen der hearkes dy 't de dames ôfhellen, om nei de komeedsje of sa ta. Hja wierne danige grien.

Jimme witte nou al, dat wy thús wêst hawwe en ek dat wy werom binne yn den Bosch. Tsiis, tobak en bûsjild is der meinomd, dêr profitearje wy nou fen. Sa hawwe wy wrychtich in *smeerpan*. Nou siz ik lyk as de sersjant: *basta!*

N J U G G E N D E B R I E F.

Ik wit hast net oft ik jimme al skreaun hab dat ik korporael bin, Nou, felisetasje is dat baen-

tsje ek net wurdich. Foaral is 't hwet bysûnders om korporael to wêzen, as men de wike het. Den kin men mar op alles passe; den het min wol neirinnen en opskruwen. Men mat den soargje dat alleman út it bêd komt op 'e tiid; men mat de siken op in briefke skrjuwe; men mat oanteikening hâlde fen de manskippen, dy 't nei de wacht geane, om 't dy matte hjar iten ha. Men mat der om tinke, dat alles skjîn ophimmele wurdt. Men mat omgûchelje mei 't folkje, dat yn de polisiekeamer sit. Ja, ik wit net hwet mear.

En men het it ek al net better, as 't yens bar is om yn 'e koken op to passen. 't Hjit dat men dêr is om ta to sjen, dat alles oarderlyk en earlik tagiet. Men mat misbrûken tsjingean en 't stellen keare. Mar ik hab al opmirken, dat it wol tige earlik hjit, as in hûngerige sersjant syn mage ris goed folstoppet mei 't flesk dat de soldaten takomt. Ek is 't, sa 't my taliket, al lang for goed hâlden, dat in dronken ûnder-officier him wer nochteren yt oan it flesk dat for de soldaten yn-kocht is. Nou wit ik wol:

Aan een boom, zoo vol geladen,
Mist men vijf, zes pruimen niet,

en 't iten fen inkelde sersjanten let ús safolle net. Mar ik twifelje der oan as der wol safolle flesk yn 't iten komt as 't hjit. It is wier, dêr mat men oppasse, mar hwa wol ljeafst in hopen spil útjaen. As men dôch de bal ris mis slôech, hwet helle men yen den hwet op 'e hals.

Nou witte jimme genôch fen 't korporael-wêzen.

Ik ken jimme nou ek in staeltsje fortelle, dat bi-wiist, dat er dappere mannen ûnder ús binne.

Langlêsten wierne wy wer op „velddienst,” do kaem der in greate houn op ús tasetten. 't Beest wier net sa mak. In korporael, dy 't net ljeafst in byt dawwe woe, brocht nou yn praktyk, hwet er yn theorie leard hie, fen 't jinge er dwaen moast yn tiid fen need. Hy stiek de houn it bajonet troch de ribbekas. Dêr moast er nou de foet op sette en den it bajonet in bytsje omdraeije, om 't er wer út to lúken. Sa died er it nei de kinst, mar de boer fen de hûn wier net bêst to freden.

Us skoallegean gjit yette altyd troch. Der mat ik ek yet hwet fen forhelje. Stel jimme foar, dat er in sersjant-majoor mei in tweintich korporaels dwaende is, om hjar ierdrykskinde to learen. Flak dêr nêst het in sersjant de lytse bern fen tweintich jier oan 't boekstaverjen. Hark! hja spelle: dood: dood.

„Godverd.,” seit ús master, „ik wou dat jelui maar dood gingt, want zoo kan ik niks verstaan. Wat zei jy ook weer, korporael Dinges? Bestaat de doorluchtigheid van den koning uit groote gaatjes, of wou je met 't spoor van Hinten naar Michel-Gestel? Zeg, waar grenst Nederland aan?”

„Ik weet niet, majoor.”

„Ik weet wel,” seit hy, „ten noorden aan je stommigheid, ten zuiden aan je boerefamilie en ten oosten”

„Aan België,” seit de korporael, dy 't fornimt, dat de majoar him de gûch oansteekt.

„Hou je stomme kop dicht, je raadt er naar, je bl.”

Mear seil ik hjir net fen sizze.

't Lêzen leare wy tsjinwirdich út in „Vaderlandsche geschiedenis.” Nou, der binne in bulte ânder, dy 't net sa moai lêze. Us majoar hâlde dêr okkernjouns ek in preek oer. Hwet er sei? „Precies zoo'n psalmdreun! Lees me, godv. . . . goed. Hou nu bij de punten op zijn tijd stil. Daar heb je in je burgerstand ook nog iets van. Als je nou zoo aan één draad weg leest, dan begrijp je er vooreerst geen bl. . . . van, en wat geeft het je, als je niet denkt bij wat je leest? Als het nu in je negerij over vaderlandsche geschiedenis te praat komt, dan weet je er nog wat van; dan denkt men: hij heeft niet zoo'n slechte opvoeding gehad, hij is nog al ontwikkeld. Ik kan je nu wel 'en boek geve, dat Piet 'en appel zag hange en toen hij hem krijege zou, zijn broek scheurde; maar wat heb je daar aan? Daarom laat ik je expres vaderlandsche geschiedenis leze.”

For sa fier ik it neigean kin, wirdt it learen net sa folle. Ik spriek ien út de lytste klasse. Dy sei my, do 't ik hjir kaem, koe 'k net lêze en nou kin 'k it yette net.”

Nou yette hwet for de oansteande lottelingen, dy 't neat yn to bringen hawwe, dat hjar in frijstelling bisoargje kin, en er dêrom op rekkenje kinne, dat hja ynpakt wirde, to sizzen yn 't soldatepak. Der binne hjir al wer âlde soldaten, dy 't er hjar op klear meitsje, om hwet fen de miliens to toppen. Hja hawwe al kistjes koft, for

15 stûren dêrby om, dy 't hja de „boerkes” for in daelder of in kroan oansmarre wolle. O, op 't bûsjild fen de oankommelingen wirdt sa loerd. It bigjint op reis al. Do 't ik hjir hinne spoarde en yn 't station siet, kaem der in korperael by ús, dy 't ús sei, dat hy wol meitsje scoe, dat wy by syn kompanij kamen en gjin straf krigen, as wy him nou tsien stûren of mear jaen woene. Forskate diene dat, en hy roan in goune of fjouwer, fiif op. Al earder hiene wy proef hawn fen ôfsetterij, troch dat er gûds kamen, dy 't for ús in flesfol jenever helje woene. Hja namen 't jild mei, mar wy seagen hjar net werom. 't Slimste wirdt min roppe, as min yn hannen falt fen bitsjinders yn foarname (?) logeminten.

Sa wier 'k foar in deimannich yette yn in herberge yn de „Tolbrugstraet,” de fatsoenlikste dy 't min dêr fynt. Dêr wierne forskate militairen, hwerûnder twa, dy 't ik heel goed koe. Hja hiene de rûnte preaun en wierne frij hwet „opgewonden.” Dit mirken twa jonge fammen, dy 't dêr wierne. Hja fregen of de soldaten hjar net ris traktearren? Nou ja, dat koe wol, en 't gyng oan. Dy frouljue hâlden hjar krekt of hja dronken waerden, hwet de soldaten in hopen wille joech. Hja bleauwen oan 't traktearjen en de fammen oan 't sûpen; mar ik seach dúdlik, dat hja wetter mei sûker dronken. Nou moast der einligs earst ris bitelle wirde. Do koste dat grapke 16 stûren de man. It hjitte fen sels, dat de frouljue brânnewyntsjes dronken hiene. Op sa'n wize fangt min de boeren. Elk fortsjinnit den hwet: dy 't sokke oanskettene

mannen dêr bringt, dy fammen, — en den fen sels de kastlein aldermeast.

Mar myn brief wirdt al lang. Ik scil dêrom nou mar slute.

TSIENDE BRIEF.

Ik wit net, hwet ik better to dwaen haw, as mar ris wer skrjuwe. It is hjir in aeklik forfelend libben tsjinwirdich. Wy komme nou soms yn gjin wike de kaserne út, oars net as om op wacht to gean en — mar dat is ús eigen sin — om ris yn de stêd to sjen. To sjen, nou, dat is hjir net bjustere folle, mar jimme witte wol hwêr it den trochgeans op ta gjit. Wy hawwe it wol heel liddich en lyk as Salomo seit: „de liddigens is de divel syn earkjessen.” It sûpen wint den ek oan, foaral ûnder de miliciens.

Okkersneins kaem ik de jouns om healwei âlven by in frjeun wei, dêr 't ik wol oan hûs kom, en do seach ik in pear fen ús folk op 'e wei, dy 't in moaije lading yn hiene. Ik gyng hjar foarby en kaem sa earst oan de kaserne. De sersjant, dy 't op de wacht wier, in goede kearel, liet my troch, mar ik bleau efkes stean, om to sjen, ho 't it mei de twa gean scoe, dy 't efter my oan kamen. Dêr wierne se. „Wie is daar?” sei de sersjant. „Ikke en H.” Nou, do naem de oare it wird en sei hwa 't hja wierne. „Hoeveel glaasjes heb je nu gehad?” sei de sersjant. „vierentwintig,” sei ús maet. „Waarom drink je toch zoo bl.

veel?" „Och sersjant, 't is maar één meer als daags." It wier in Grinzerlänner, en hjir sùpe de Grinzerlanners mear as de Friezen. 't Is my hjir „zoo'n leventje!" Mar ús kaserne is in bargehok, yn de stêd is neat bysúnders en den het min neat to dwaen. Wraxelje en omskermutselje op de keamer is regel. Dêr matte wy korporael's wol op passe, mar as 't net al to unbidich giet, hwa wol den rapport meitsje?

Inkelden sliepe sa hwet 17 úren fen de 24. Dat is grif in goed ding om to groeijen. Ik haw to minsten wol ris fen ljue, dy 't mei bargemêsten piele, heard, dat in baerch trou lizze moat, seil er fet wirde. Lykwol scoe 'k net tinke kinne, dat ús ryk fen de jonge manljue bargaen meitsje wol! 't Is sa, wy hawwe lyk as ik niis sei, ús thús yn in bargehok, en ja, der is mear hwêryn 't wy sahwet mei de bargaen lyk steane. Dêr hawwe jimme ús iten. Dêr wirdt net folle better op tasjoen as op 't jinge de bargaen yn de tróch krije. Forline wike hie ien yette al in kalken eintsje piip mei tabak yn syn fjildtsjettel. Raer spek, net? Min went ta sa'n bargeboel, mar earst haw 'k wol ris tocht, dat ik hjir nea mei smaek ien scoe. As min it folkje, op de keamer oan „'tjassen" (ierdappelskilen) sjucht, kin yen soms wol 't hert yn 't liif omkeare. Dat smyt de ierdappels op de grún, dat trapet er op om, dat spijt er ris in kwak tobaksjarre twisken, en is 't birêdden, den wirdt de boel opsocht en sa 't hjit yn 't wetter ôfwosken. Hja komme yn 't wetter, mar út dat smoarge wetter wirdt se sa mar opskept en oer 't fjûr set.

Is der den in kalken piip twisken, dy wirdt mei sean. Yt min hjir simmerdei slaed, den het min faek mear slakken as blèdden. Gjit min ûnder tsjinst ek dageliks mei bistegûd om, yn de kaser-nen mei wânluzen, yn de tinten mei froasken en podden, — yn 't iten wol ik hjar net ljeafst fine. Mar nou genôch oer de spize dy 't forgjit; yet in inkeld wird oer it „geestelijk voedsel,” dat min for ús opskept. Theorielessen krije wy by de bult. Wy as korporaeles soms trijeris op in dei. Krigen wy den altiid hwet nijs to hearren, den gyng it noch; mar it is meastal it selde. De theorie fen de „velddienst” hinget mij wol it meast de kiel út. Ho faek hawwe wy nou al heard, dat min yn tiid fen need in goed gebrûk fen it terrein meitsje mat. As in saek fen 't greatste bilang, en op in menear, as hiene ús masters it kreksa sa skrandere bitocht, wirdt ús sein, dat wy, as wy kinne, yn earloch hjir of dêre efter krûpe matte, om kôegelfrij to wêzen. Scoe min sûnder les sa wiis net wêze?

Mat ik nou yette ek efkes út de skoalle klikke? 't Gjit noch altyd op deselde menear. Sjuch hjir in pear stealtjes.

Wy liezen foar in deimannich wer yn de „Vaderlandsche geschiedenis.” 't Bockje wier omtrint út; wy wierne oan 1813 ta. Dêr lies ien: „en Nederland was geheel verlaten? Neen, de Almachtige beschermde het Vaderland.” Dit skynde er hwet sleau út to kommen, to minsten do de korporael 't wird „Almachtige” pas utere hie, röp de majoar: „Godverd. . . . als je over de Almachtige

leest, moet je veel meer met verheffing van stem lezen, en niet zoo ouwehoerachtig. Nog reis!"

De korporael probearre it yet ris, mar hy koe 't net roaije. Nou frege de sersjant-majoar: „Ben je vroeger voorlezer geweest in de afgescheije kerk?"

„Né, majoar," sei hy.

„Zoo, ik dacht anders van ja, je bent precies zoo'n gepasporteerde dominé."

Wy hawwe allegearre in skeldnamme. De iene hjit „achtkante boer:" in oaren „et oudwijvegezicht," in trêdde „de dubbele gebromde beer," in fjirde „de omgekeerde kipelton," in fyfte „et spoor van Hinten" ensafoarthinne.

Yn ierdrykskinde binne wy nou al knap. Inkelden kippe der hjar alheel út.

Sa wist ien fen de korporaels, in frijwilliger, de grinzen fen ús lân yette net op de kaert oan to wizen; 't dûrre to minsten lang ear 't er 't foar mankoar krige. Dêrop frege ús master him nei de grinzen fen Noard-Brabân. 't Spande mei him om foar 't doel to hâlden, dat tsjinoer 't noarden it suden, en tsjinoer it easten it westen socht wirde mat.

„Zeg me, godverd. waar grenst Noord-Brabant ten noorden aan?" De korporael tocht: it noarden is boppe, dos oan Utert. 't Kaem der lykwol anstûns net út.

„Zeg me, uilskuiken!"

„Aan Utrecht, majoar," sei er.

„Ja, godverd. . . . je zult het andere endje, dat er tusse ligt uitgerekt worde."

De korporael bigriep it noch net.

„Weet je wat je doet?” sei de majoar, „je doet 'en goeije balsteen om je hals en dan loop je in 't Zuidwillemskanaal. Ben je nog vrijwillig?”

„Ja, majoor.”

„Nu, dan wete ze thuis stellig ook niet, hoe je korporaal bent geworden.”

Sa is 't foar diss'kear moajjer nôch.

ALFTE BRIEF.

„Glorie aan God! Eere aan de wapens! Respect voor den meester!” Dy master bin ik, man! Ja, ik bin skermmaster wirden en op it brevet, dat my as biwiis dêrfor jown is, steane de wirden dy 't ik oanhelle. Op kenings-jierdei bin ik yn 't bisit kommen fen sa'n moai pompier. Ja, op kenings-jierdei. Dy dei wier in feestdei for de militairen; ik mat dêrom wol hwet mear hjirfen meidele, hwent feesthâlde dogge wy just net sa folle yn de kaserne. Jimme scille witte, dat de kantine yn de kaserne is om de soldaten goekeap oan dingen to helpen, dy 't er net út de menaezje krijt en dochs greach het, om 't er thús der oan wend wier. Kofje, thé, bjier, sigaren, bûter, tsiis en sa mear, kin er dêr for syn cinten keapje. In soldaet praet fen cinten, lyk as de bidlers. Yn de kantine is ek in biljert, dat ek yet al hwet fortsjinnet. De fortsjinst lykwol wirdt by gelegenheid troch de militairen part. Dat barde nou ek op kenings-jierdei. Dat parten gyng nou op in menear; dat ik tocht oan de wirden: „Wie heeft zal gegeven worden,

en wie niet heeft, van dien zal genomen worden ook wat hij heeft." Smyt de kantine hwet oer, den bringe de soldaten dêr 't measte ta by. Hja krije droech brea, wolle fen sels dêr wol hwet by hawwe, hwet bûter, hwet tsiis, in kep kofje of thé; ek binne 't meast de soldaten dy 't dêr biljertsje. De ûnderofficieren, ja, dy keapje dêr wol ris in sigaer en in glêske bier, hja biljertsje ek wol ris in spiltsje, mar dat hja rjucht hiene op in goune út de algemiene sparpôt, wylst in soldaet mar in kwartsje krige, sjuch, dêr koe myn forstân net by. Dochs gyng 't sa. Jimme bigripe licht ek wol, dat it gefaerlik wirde koe, in soldaet mei in kwartsje yn de bûse rinne to litten. Sa tochten se der hjir ek oer. Weage min it al by inkelde kompanijen, mei ús doarst min 't net bistan. Né, wy krigen de man elk njuggen bêste sigaren en in hompke tsiis. Dêr koe gjin ien dronken fen wirde. Op 't ûngewapend appel om âlve ûre waard de útdéling hâlden. Dêrby kaem yette in roerende oanspraek, dy ta'n doel hie, om ús op de kon-sjinsie to binen, dat wy ús op 'e kenings-jierdei fatsoenlik hâlde moasten. Fatsoenlik, ja, en de formoaning, hwet klonk dy fatsoenlik! Ik kin jimme wol sahwet sizze hwet de ynhâld wier, mar om 't sa to dwaen, dat de rjuchte yndruk troch jimme ek field wirdt, dêr ta bin 'k net mânsk enôch. Ik kaem hjir op del; „Pas Godverd op, dat jelui niet dronke thuis komt, en als ik jelui half sikkerig op zoo'n hoopje by mekaar zie staan, dan zulle we jelui door patrouilles late hale en de politiekamer indondere. En dan nog

waarschuwe we jelui, om vooral tege de huza-re geen ruzie te zoeken, want dan wordt het weer net zoo'n herrie als nieuwjaar met die bokkenrijers."

Bokkenriders is in skeldnamme fen de hûzaren.

In moaije les dos: min hie soarch for dronken-skip en rûzie en skold de tsjinpartij dochs út!

Do 't appèl ôfroan wier, moasten hja, dy 't in brevet hawwe scoene, hwêrûnder ik ek wier, lyk as ik al sein haw, yn de ytseal fen de ûnderof-ficieren komme. Earst waerd er tank en hilde brocht troch de batailjonscommandant oan de mas-ters fen de skoalle en fen 't skermjen. Hja krigen der by hjar lean, yn goede mint. De masters fen de skoalle elk *f* 20, de learmaster op de sabel *f* 8, op de lange stôk *f* 12, en dy op de degen *f* 2. Hwêrom hjir wer safolle forskil yn wier, bi-gryp ik net.

De batailjonscommandant hâlde ek in oanspraek for ús. Hwet er sei?

„Jongelui, ik ben jelui dankbaar, nevens de meesters, dat ge u geoeffend hebt in de schoone kunst. Ik hoop, dat ge van die vlugheid en be-hendigheid, die ge daardoor verkrege hebt, geen misbruik zult make, maar ze dáár zult gebruike waar het noodig is. Het spijt mij daarentege, dat er niet meer aan hebbe deelgenome, doch nu heb jelui deze eer, dat je als *mensch* naar huis gaat.

Under tjinst bin ik dos earst in minske warden. Respekt for de master!

Ik scoe hast forjitte, dat wy op kenings-jierdei

ierdappels mei snijbeanstjes ieten en for de man dêryn twa ûns woarst wier. Ek krigen wy de middeis in heal fleske bier. Alheel dus it heartsje! Hwet is der dy deis smookt. Alleman hie de sigaar yn 'e mûle.

T O A L F T E B R I E F.

Myn tiid hjir is nou úttsjinne en oer 't hospitaal ha 'k yette neat meideeld. Ik bin der gelokkich sels net folle yn wêst, mar ik wit er dêrom wol in bytsje fen.

As ik siz, dat ik der *gelokkich* net folle yn wêst ha, den matte jimme dêr út net opmeitse, dat it dêr net to wêzen is. Ik woe allinne mar to kinnen jaen, dat it better is sûn to wêzen, al lykje inkelden hjir ljeaver siik hjitte to wollen. Ik hab, leau 'k, al ris forteld, dat der gûds wieren dy 't hjar mei plúskes wol de eagen read wreauwen om frij fen tsjinst to kommen en om te loaikjen.

It hospitaal is hjir in heel great gebou. Fjirtien rûmme sealen binne der yn, bûten dy for de boargers.

Lit ús dêr efkes yn gean. Hjir habbe wy de seale nûmer ien. Dêr binne tsjinwirdich in goed tweintich siken yn, mei ien oppasser. Immen dy 't net rjucht goed is, sûnder krekt to witten hwet him skeelt, of ien dy 't oan 'e koarts is, komt dêr yn tolânne. It is dêr yette al fleurich. Twiskenbeiden heart men: „Ik roem er drie!” — „Waarvan?” — „Van harten.” Dos dêr wirdt

kaertspile. Dat is oars wol forbean, mar och, de siken matte tiidkoarting ha. Nou kinne hja ek wol dominyspylje of lêze, mar kaertspyljen het altyd de pré. 't Lêzen wirdt net folle. Slimme siken binne hjer net, of 't is in bysûnder gefal.

Dêr is seal no. 2. Der fynt min in moai soadtsje. Nou binne der in stik of toalf. De kaerten geane hjir ek roun. De „liederlijkste personen” binne hjir by mankoar. Is der by gefal al ris in Saul ûnder de profeten, hwêrfen se net witte ho 't hy der komt, den wirdt dy al gau op de hichte fen de tiid brocht. Better wirdt sa'n ien der net. 't Iten is der goed en dy der binne bliuwe dêr ljeafst sa lang as 't kin. Tobaksjarre en thêwetter is goed om 't wetter to kleurjen as dokter komt. Né, hja kinne der yette net út.

Nou komme wy oan seal no. 3. Hjir is 't deastil. De seal is lytser as de oaren. Der binne ek mar trije of fjouwer siken, mar 't binne slimme siken. 't Is hjir gjin gekheid. Ien oppasser is der by; twiskenbeiden komt er in oare om him selskip to hâlden. Yn de nacht moat elk syn bar weitsje.

Hark, dy twa hawwe rûzie.

„Ik weet Godverd niet, hoe je prate durft. Of meen je, dat ik niet weet, dat je drie gulde van dien Groninger zijn borst gestole hebt? Want eve voor dat hij dood was, heb ik nog gevoeld en toen zate ze dêr nog.”

„Zóó? Als jij dat wist, dat hij daar drie gulde had, dan zou jij ze daar late zitte? Ja, ik vertrouw je wel?”

Wy sjugge, hja binne beide allike earlik. Bigripe jimme nou wol, hwêrom de oppassers sa graech op seal 3 binne? Ik haw it fakernôch mirken, dat de iene de oare dat plak forgint. In soldaet yn 't hospitael mei net mear as in goune by him hawwe en de oppassers moatte dêrop tasje, en dat wirk is hjar tige goed tabitrouwd. Ien fen ús kompanij fen de lichting fen '76 is ek stoarn en hie achteheal goune by him, to minsten, dat hiene syn. âlden oan syn kameraet skreaun. Do disse lykwol nei de deade tagyng wier 't al foart.

Op seal 4 binne de eachsiken. Dêr hoef ik neat mear fen to sizzen.

Op seal 5 binne bisearden of ljeaver sokken, dy stienswolmen, iepene foetten en sa hawwe.

De 6e seal is tsjinwirdieh for kaderofficieren. Dat dêrby gûds binne, dy 't eigentlik op seal 2 hearden, scille jimme wol leauwe wolle.

Mear sealen binne der op 't eagenblik net biset.

Fen de dokters wol ik just gjin kwea sprekke, mar 't hindere my dochs, dat okkerdeis in officier fen gesondheid tsjin in stakker, dy 't hast dea is fen ûnwennigens, do 't disse him op syn frage, honear er syn tiid úttsjinne hie, ta'n andert joech: „mei Septimber,” sei: „Dan zul je wel eerder dood weze.”

De oppassers matte nei de foarskriften de siken ek seaft en goed bihannelje, mar foar koart barde it noch, dat hja in ûnnoazele stakkert dy 't de foetten waskje moast, him for hjar plezier heel end al neaken útklaeije lieten, hwêrnei hja him

net in bytsje mei wetter ôfspielden en mei biezems ôfskrobben. Soks neam ik barbaersk.

Jimme witte nou genôch fen 't hospitaal. As der yette mear nijs is? Ja, en al wurd't myn brief hwet lang, ik mat it jimme wol meidêle.

Jimme matte den witte, dat ik fjouwer dagen arrest hawn haw. Hwêrfôr? Ik scil 't jimme sizze. Ik hie de wike wer as korporael, en nou moast ik de soldaten dy 't polisiekeamer hiene in ûre foar de tsjinst loslitte en in ûre neidat dy foarby wier wer fêstsette. Dêr wier nou ien soldaet dy 't om trije ûre thús kaem en dos om fjouwer ûre wer opsletten wurde moast. Dizze hie fjouwer dagen polisiekeamer krige om 't er lake ûnder 't exersearjen. 't Falt wol ris swier om 't to litten. Om seis ûre moasten wy wer útrukke, en sa kaem de soldaet ien ûre yn de doas, as ik it net neilitten hie, om 't ik fen tinkbyld wier, dat it de moeite net wurdich wier. Dêr pakte de sersjant-majoar my op. Sa kaem ik sels yn de pine. Fjouwer dagen. Tink nou lykwol net, dat it sa gien hie, as de man gjin pik op my hawn hie. Do 't de adjudant my den ek frege hwêrom ik arrest hie, andere ik, dat ik wol ris de wierheid sei en der net yn tastimde dat de sersjant-majoar fen ús jild yn de buse stiek. Hy woe hawwe, dat wy him it jild fen 't skiif-sjitten en in deel fen 't traktemint hâlde lieten; mar ik woe hawwe, hwet my takomt.

Och, in soldaet is al sa'n bytsje. Ik krij der hwet langer hwet mear in mier oan, en scil wrychtich net myn hege nûmer for in goed hûndert goune forkeapje.

Langlêsten hie 'k de wike ek. Ik kommandearre do ien fen myn acht man dêr ik it kommande oer haw, for in wirkje, dat my wer troch myn haed opdroegen wier. De soldaet fordomde it, ta trijeris ta. Ik woe him mei goedens oerhelje, mar hy woe gjin reden forstean. Ik moest in oaren nimme, dy ek al net sa hastich wier, om 't er earst net kommandearre wier. Underwiles bliesde min de looppas, ik waerd wachte en do 't ik kaem út-flokt. Ik moest do, woe ik sels gjin straf oprinne, wol rapport meitsje. De soldaet bigriep nou, dat er de bak ynreitsje scoe; hy gyng nei de sersjant ta en ûnthjitte him, dat er for him stampe scoe, as er myn rapport út de wei moffele. Sa kaem 't ek. In bytsje letter kaem de majoar op de keamer, wylst er twa man oan 't oangean wierne. Hij sei: „Godverd jelui bent ook korporaals! waarom maak je geen rapport van die kerels? Nu zal ik jou opgeve.”

Ik moest foar de kaptein komme en hearde alles swijende oan. Letter kaem de majoar wer op de keamer, om my to sizzen, dat ik fjouwer dagen „kwartierarrest” hie. Ik sei dêrop. „Dankje majoar.” „Hou je brutale snuit,” sei hij; „'t Is je eige schuld, waarom maak je nooit geen rapport van die lammeling.” Ik zei: „Majoar, mag ik ook eens een woordje zeggen?” Hjirop sei ik him, dat myn rapportmeitsjen net folle help salang as de sersjant stampers nedich wier.

Hy sei: „Ik zal de zaak onderzoeken, en als de kaptein het weet, straft hij hem zeker met acht dage politiekamer.”

De oare moarns moast ik op it bureau komme fen de majoar, en ynpleats, dat er rjucht spritsen waard, waard ik alderougryslíkst útmakke. Us sersjant hie, koe 'k bigripe, by de majoar wêst en dizze scoe my nou oerbluffe. Wy scille it ris probearje. Lang kinne se ús net mear koejenearje.

Mar myn brief is al to lang wírden, ik scil dêrom mar slute.

TRETTIENDE BRIEF.

My tocht, ik moast jimme nou ris wer op de hichte bringe, fen hwet wy sa al leare yn de theorie-les. Wy korporaels krigen okkerdeis in lexiom oer de menear, hwêrop wy de boerkes bihannelje en ûnderrjuchtsje matte. It scil my nou wol net ta deel komme — ik kin Maeije útpjukke, — mar ik krige de les dochs ek, ik koe der ek fen profitearje.

Ik wol ris sjen of ik net sa goed sa kwea oerbringe kin hwet ús adjudant sei:

„De luitenant-adjudant heeft mij bevole, om eve met jelui theorie te houwe, over de miliciens, die eerstdaags weer kome. Voor jelui als korporaals is het wel 'en voornaam ding, als jelui zowat weet, hoe je 't met hen aanvange moet, aangezien jelui de eerste lui zijn, waar ze 't mee te doen hebbe, daar je dagelijks met hen verkeert en bij hen inwoont. Ieder van jelui krijgt er zoo'n man of vijf, zes. Die mensche komen waarschijnlijk van plaatse, waar ze nimmer 'en sol-

daat zage. Zijn er bij, van welke dit niet het geval is, en die overigens ook wat vlugger zijn dan de andere, enfin, dat kun je dan al gauw zien, daar heb je de minste drukte mee. Zoo'n man ontvangt zijn kleeding; die kleeding wordt hem doorgaans maar toegegooid, passen of niet passen, vooral het ondergoed. Maar dan moet je tege zoo een maar zegge: „zie eens mannetje, die band van den broek is veel te wijd, daar moet jen 'en bandjen in doen, of de knoope verzette, die kraag van het hemd eveneens; die knoop moet jen ook verzette; evenzoo van de mouwe. Die draagbande zijn te lang, je moet ze wat inkorte. Zijn ze te kort, dan moet jen aan de fourier vrage, of wat kleiner man als jij die niet hebbe kan. Kan hij, die man nl., dat zelf niet doen, dan wijs jen een van de oude lichtung aan, die zoo'n man dan even helpt. Dan zeg je maar tegen hem: daar moet je hem maar eens 'en glas bier voor geve, maar dan mag je daar wel bij zegge, dat hij hem daar niet méér voor geve moet; want anders loope die ouden altoos met de jongen weg. Nu is die man zoowat gekleed, en onder het klee-de heb je gezien, of die man zijn nagels aan de voëte behoorlijk geknipt of gesnede zijn; want anders, moet je tegen hem zegge, krijgt hij, wanneer hij marcheere moet, daar last van. Goed! nu staat zoo'n man gekleed bij zijn krib. Nu wijs je weer een van de oude lichtung aan, die zijn bed opmaakt en daar moet hij bijstaan, dan kan hij dat leere; want 's morgens bij het opstaan moet je tegen hem zegge, moete die bedden allemaal

net eender opgemaakt worde: dat geeft dadelijk 'en goed oog aan de kamer. Nu sta je 's morgens op, je ziet eens naar dat bedopmake — je moet niet verge, dat dat nog zoo mooi gaat, — dan moet je tegen hem zegge: nou moet je 't onder je bed uitvege. Dat moet je elke morgge doen, zeg je. De kamerwacht, zorgt intussche dat de rame geopend worde en dat er frissche lucht komt; want je zult wel eens vernome hebbe, wanneer je 's avonds wat later thuis kwaamt, dat het alles behalve frisch op zoo'n kamer is, waar zooveel manschappe zijn. Nu zeg je tegen hem: poetse behoef je nog niet, of je kleeren afborstele, maar nu is het pikant zes uur, tijd van uitrukke geworde. Je moet eerst 'en stukje brood gaan ete, want je moogt niet zonder wat genuttigd te hebben uitrukke. Je brood, zeg je, dat heb je ontvangen; het is wel droog, maar, zeg je, je kunt hier in onderscheidene kartinen koffij, boter, kaas, enz. krijgje. De prijze moet je er dan zoowat bijzegge, want anders slepe ze die boerkes bijna altijd in de wacht. Nu moet je die man beginne te vertelle, dat als hij nu over 'en paar uur thuis komt, dadelijk niet te veel drinke moet. Je herinnert de kamerwacht nog eens, dat hij, zoodra ze weg zijn, frisch water op de kamer haalt, opdat dit wat aan de natuur gewoon wordt en niet ijskoud meer is, als ze thuis kome. En dan zeg je tege de kamerwacht, dat hij, zoodra ze thuis zijn, de ramen en deure sluite moet, en dan moet je hun vertelle, dat ze zich dadelijk niet van de bovenkleere moeten ontdoen; want

'en heeleboel zweete nog al vrij wat door onge-
woonte en 'en heeleboel zijn ook zulke goede on-
derkleere niet gewoon. Wel hebbe ze soms van
die dikke wolle borstrokken aan, die op de eene
plaats wel dik belapt zijn, maar op de andere
plaats weer veel dunner zijn. Wat de instructie
aangaat, welke ook gij hun geven moet; je moet
in de eerste dagen niet te veel van hen verge.
Ook mag je hun, zooals ook het reglement ons
voorschrijft, niet slaan of mishandele. Het spreekt
van zelf, je kunt een klos treffe, die erg stomp
is, terwijl je colléga er flinke jongens bij heeft,
die misschien aan gymnastiek hebbe gedaan, maar
daarom mag je nog niet ruw en wreed tegen hen
zijn. Als ik ten minste zag, dat een van jelui
hen sloeg of mishandelde, wie het ook was, gaf
ik hem op, al was 't ook mijn eige broer. De
meesten kunne die jongens soms zoo achter den
rug knoeien en meene dat niemand hen ziet, doch
dit is niet noodig. Ik wil daarom niet zegge,
dat jelui ze als naaimeisjes behandele moet; en dit
kan ook niet. De luitenant-adjudant heeft daar vaak
ook schuld aan; daar hij gelast, dat en dat moet
je ze in dien tijd leere, en dan weet men wel
hoe 't gaat, als de een 'en klas verder is als de
ander. Doch we krijge nu 'en nieuwe luitenant-adju-
dant. Misschien zal deze er meer op lette, of je
't geen je hun leert, maar goed leert.

Nu zijn we een dag twee verder. Ze zien aan
de oude soldaten al, dat deze hun rommel weer
afborstele, doch het is noodzakelijk, dat jij als
korporaal daar de hand aan houdt. Ze kome

meest woensdag en donderdag aan en zoo wordt het allengs zondag. Nu zeg je tegen hen, — doch dat wordt hen doorgaans op 't kerkappèl ook al gezegd, dat ze niet met 'en man of zes, acht moete loope, of op de hoeke van de strate staan met de handen in den zak; ook dat ze geen pijp op straat moge rooke, en dat ze wanneer hun meerdere hen passeert, nimmer onder het salueere de sigaar in den mond houden. En vooral moet je hun zegge, dat ze niet voor elken winkel staan blijve gape en, zooals gewoonlijk in die boerenstreke, bij elkander op de leuning der brug hangen en in 't water spuwe. Dan nog waarschuwe je hen, dat ze ook niet ete mogen op straat, of in de zuurkramen iets koope, of daarbij staan te ete. Dan nog zeg je hun, dat ze niet zoo sjok! sjok! over straat loope, maar kop op, borst vooruit en flink met de arme zwaaien, als hadden ze *f* 100,000 te kommandeere. Dit zal niemand hen kwalijk neme. Al die dingetjes kan je hen gerust voor waarschuwe, want soms zijn ze al vijf of zes weken hier, dan zie je ze nog bij hoopjes bij mekaar staan met de handen in den zak, of dat ze van een appel bijte. Zijn ze wat noodig, zeg je hun, dan moete ze dat in 'en winkel kooopen. Is 't eetbare waar, laat het hen dan in de kazerne opete, dan zien de burgers het ten minste niet. Zooals het salueeren ook. Als dat een beetje flinker gedaan werd, dan zou 'en burger nog denke, dat vind ik toch goed in den militaire stand; maar nu dit zoo lam en zoo beroerd gaat, — de korporaals salueere soms als je hen

voorbij bent, — denkt 'en burger, het is een lamme boel in den militaire stand, niemand heeft achting voor zijn meerdere. Zoo zijn er 'en heele boel dinge, die jij als korporaal hun allemaal vertelle kunt, terwijl hij zoo bij je zit. Je moet niet met hen spelen of stoeien, want dan ben je het ontzag gauw kwijt; want zoo'n man, daar je van daag mee speelt, kan je overmorge geen rapport van make, want dan zegt hij: „nou, dat is ook 'en mooie, gistere sloeg hij mij, en nu ik hem bij ongeluk even aanraakte, maakt hij rapport van mij.” Neen, dat gaat niet. Maar buitendien kun je gezellig met hem omgaan. En als hij in jou dan maar geen ondier — zooals ze gewoonlijk in den burgerstand zegge — ziet, dan schrijft hij al gauw naar huis, dat de dienst lang zoo slim niet is, als ze hem verteld hadde; want zij beelde soms den militairen stand in die boerestrecken af, als was het er niet uit te houde. Dat doen van die gepasporteerde, die die onnoozelen 'en heele-boel boompjes wijs make.

Sa redenaarre ús adjudant tsjin ús. Ik hâld wol fen him, mar wol jimme wolle leauwe, dat ik soms it laeitsjen net litte koe?

F J I R T S I E N D E B R I E F.

Ik haw jimme de lêste kear forhelle hwet ús adjudant yn de theorieles ús as korporael al sa tofoaren preke. Ho 't de boerkes bihânle wirde matte nei de leare fen ús master, witte jimme nou.

Oft de lessen fortuten dwaen scille, kom ik net to sjen. Ik bin al wer yn Fryslân as de nije lichting oankomt. Freegje jimme my, hwet ik tink fen de útwirking dy 't de wirden fen de adjudant op syn hearthers makke hawwe, den mat ik, om jimme de wierheid to sizzen, as myn miening útsprekke, dat it bûter oan de galge wier. 't Mankearre der oars net oan, dat wy net faek enôch it selde lexom krigen. Us adjudant repetearre ek lyk as in oare skoalmaster. En dochs sei ik, dat syn wirden gjin fortuten dwaen scille. Wierne 't ek al gjin pearrels, hy miende it goed, mar syn redenearringen kamen sikerwier meast foar swinen to lânne.

Ik mirk dit, do 't ik lústere nei in petear fen twa frijwillige korporaels, do 't hja fen de theorieles ôfkamen.

„Nou, wat zeg je er van? 'En mooie zede-preek, he?’”

„Hij kan doodvalle (de adjudant, miende er), dat kan hij. Hij lult je gaten in de sokke.”

„Dan meent hij ook nog, dat wij daar gehoor aan geve! Godv. daar zulle die boerkes van opfrissche.”

„Ja, ik zal ze ook, net als verlede jaar, eerst bl. s raar, dan hier en daar, Godv. uitvloeke, dat ze haar bes. kerel.”

„Toen ze verlede jaar aankwame, kwam daar een zoo'n knul bij mij en zei tegen mij: Menheer mot ik hier legge? Ik zei: Verrek! wat dondert mij dat al wou je onder de pomp ligge gaan.”

„Dan kijke ze zoo verlege, hé?’”

„Ja, en die ouwe kerels! Verlede jaar *keerden* ze

den eersten avond, en toen vroeg er een of hier niet 'en overste was. Die naast hem lag zei: „daar ligt wel 'en korporaal in den hoek,” en toen komt zoo'n stinkert bij mij en zei: „kaperaal, ze gooie mij met het bed onderstboppe as ik sliep.” Ik hoorden hem wel, maar liet hem stil roepe; toen schudde hij mij. Ik zei: „wel Godv. . . . se knul! zul je mij ook legge laten als ik slaap? Ik zal je Godv. in de politiekamer dondere,” en die kerel, jongen, weer weg. Bedopmake kon hij ook niet; toe ging hij maar weer zoowat liggen, maar hij durfde geen mond meer ope doen.

„Ja, dat was bij ons ook zoo mooi. Toen ze de tweede dag hun wapens kregge, hadde ze 's avonds de randsel op 't kasje liggen, en daar hadde die ouwe kerels touwtjes aan die randsels en 'en bakkie met drinkwater er boven op. Als ze dan sliepe trokke ze die randsels daaraf; toen viel dat bakkie met drinkwater hem in eens op de kop, en dan de randsel. Lache, jongen, ik heb me haast dood gelache. En dan die kerels tege mekaar; je kunt die bl. . . . s haast niet verstaan: 't is hier zoo goed neyt als thoes.”

Ik scil mar net mear fen dit petear opskriuwe. It waerd ho langer ho moaijer, alteast nei hjar smaek. It stie hjar danich oan, dat de alde soldaten de earste moarns net for in dūbeltsje it béd opmeitse woene fen dy oankommelingen, mar easken dat dizze hjar de jouns yn de herberge trak-tearje scoene, hwērop hja dy „knullen” den yn de gemienste gatten brochten.

As er hwet minder bisten en hwet mear mins-

ken ûnder it „kader” wierne, den waerd it tsjinjen frij hwet better. De minister fen oarloch seit nou, dat de discipline gâns to winskjen oerlit en nou wol er insubordinatie (ûngehoarsumens) stranger straft hawwe. Leau frij, dat de insubordinatie net by de minderen foun wirde scoe as de haden hwet minder gemien wierne. De subornatie (omkeaperij, heimelike forlieding) mocht tominsten wol stranger straft wirde, scoe 'k tinke, en *net allinne* ûnder de sljuchte soldaten. De minister skynt er net om to tinken, dat, as er de treppen skien meitsje wol, den tsjinnet er fen boppen of to bigjinnen.

Moast elk foar syn eigen nûmmer yn tsjinst, den scoe der sikerwier heel hwet foroarje. Den kamen der klachten oer de bisthaftige bihânling, oer 't sedelik formoardsjen fen de miliciens, ek ris út de hegere klasse. Nou is 't de gemiene man dy der om lije mat, en hwet dy seit, dêr wirdt net sa folle acht op slein.

Dit is nou myn lêste brief út den Bosch. Sa 't ik sei, ik bin al thús ear 't jimme him lêze. Meiskien skriuw ik, as ik yn Fryslân bin, yette wol ris oer 't ien en oar, dat my noch yn 't sin komt. Hwet scil ik bliid wêze as ik de kaserne for goed forlit en op nei hûs spoar. Hwent yette sjong ik mei heel myn hert:

Fen alle lannen op de wrâld
Is 't Fryslân, hwêr 't ik 't meast fen hâld.

WALING DYKSTRA to Holwerd het ek útjown :

De Skearbaes Dokter. Blyspil mei Sang in trye Bidrjuwen; fry forfriske nei MOLIÈRES »Le Médecin malgré lui», troch WALING DYKSTRA. Priis 75 cinten, frachtfrij oer 'e post 80 cinten.

For de Praetstoel en de Hirdshoeke. Rim en Unrim fen WALING DYKSTRA. 15 stikken op 160 blêdsiden. Priis 1 gûne, frachtfrij oer 'e post 1 gûne en 5 cinten.

Katechismus fen de Leare der Wierheid, dêr 't boer Pibe syn lytsfeint yn ûnderrjuchte. In Fraechbôek for 't dageliks libben, om altyd witte to kinnen út hwet hoeke de wyn waeit. Yn 't ljocht jown troch JENTSJE SYTEMA. Priis 30 cinten, frachtfrij oer 'e post 33 cinten.

Ek yette to krijen :

J. Sytema, Hinne en Hinke of t fordielde houlik foriene. Priis 15 cinten, frachtfrij oer 'e post 17 cinten.

J. Sytema, It krantelêzen fen boer Pibe bilústere troch syn lytsfeint. Priis 15 cinten, frachtfrij oer 'e post 17 cinten.

J. Sytema, It Berchfeest to Appelskea yn 't Frysk bisongen. Priis 5 cinten, frachtfrij oer 'e post 6 cinten.

By W. DYKSTRA kin men ek bistelle it **Friesch Volksblad**, dat útjown wirdt troch W. DYKSTRA en O. STELLINGWERF. It kostet 1 gûne yn 't feans-jier, frij oer 'e post. It wirdt skreaun yn 't Frysk en Hollansk fen beiden.